

Bêste Tony,

No'sto do alwer in pear jier út de himel wei op ús delsjochst, is it fersyk komme om in brief oan dy te skriuwen. In brief dêr't ik yn fertel hokker ynfloed asto op my hân hast en mear fan dat moais. Ik tink samar datst do wat gniisd/gnyske hawwe soest om dat idee en it faaks ek wat te folle idelteuterij fûn hiest. Mar ik fyn it wol in aardich idee en beskriuw wat dyn ynfloed west hat.

Einliks bin ik in folsleine bûtensteander yn it Fryske formidden. Ik ha gjin Fryske foarâlden of wat dan ek, myn ynteresse yn it Frysk is allinne ûntstien troch de taal selst. Doe't ik noch in famke wie en sawat de hiele Alphense bibleteek leech lies, wienen der ek wolris boeken by fan skriuwers mei in Fryske eftergrûn, dy't wat Frysk yn harren boeken ferwurke. Sa stiet my noch by dat ik nochal yntrigearre wie troch it sechje *Sizzen is neat, mar dwaen is in ding* yn in famkesboekje fan Max de Lange-Praamsma. Letter doe't it earste diel fan de samle folksferhalen fan Ype Poortinga ferskien, kocht ik dat yn it Frysk en besocht it ien en oar oer te setten.

Sadwaande waard myn ynteresse wekt doe't ik oan it begjin fan it twadde jier fan myn stúdzje Nederlânsk oan 'e VU yn Amsterdam (dat sil dus yn 1977 west ha) in oankundiging seach yn Ad Valvas, it krantsje fan 'e VU, oer in gearkomste foar studinten dy't ynteressearre wiene yn kolleezjes Frysk.

Dat like my wol wat en sa kaam ik yn september of oktober oan 'e ein fan in middei op dyn keamer, mei noch in pear oaren. De measten hiene fansels in Fryske eftergrûn, dus wat dat oangiet fiede ik my wat in frjemde ein yn 't bit, mar de sfear wie hiel noflik en fleurich en de kolleezjetiden wiene goed te kombinearjen mei myn oare aktiviteiten, dat sa bleau ik de kolleezjes folgen. Sadwaande learde ik Frysk lêzen mei fragminten út De lapekoer fen Gabe Skroar, learde ik rychjes mei de bûgingen fan de tiidwurden, de útspraak mei de Fryske brekking en fan alles oer it Fryske fermidden dêrsto it al of (faak) net mei iens wiest. It wie de tiid fan de nije stavering en dat wie wol in punt. Mar nei sa'n besiele ferhaal oer in ûnderwerp dat dy oan it hert gyng, wie der altiten wol wer wat dat dyn skatterlaits opwekke, want dêr waard wis in soad lake yn dat keammerke op 'e tsiende ferdjipping.

It ferskynen fan it Frysk Wurdboek waard in hichtepunt, do hast wikenlang mei steapels wurdboeken omtôge fan Grou nei Amsterdam en foarsjoch al dyn studenten fan in eksimplaar. Sowieso rûnst do altiten mei tige folle tassen om. Wat dat oangiet soe in laptop foar dy wol in útkomst west ha...

Oant dan ta wiene de kolleezjes foar my sokssawat as in 'stikje plattelân yn 'e stêd'. Neidatsto my frege hiest om studint-assistent te wurden by it ZWO-projekt dat de ynfloed fan it Frysk op de

útspraak fan it Nederlansk bestudearre, waard it serieuzer. Ik soe de Nederlânsktalige ynterviews foar myn rekken nimme (dat ûnder oaren omt ik net sa'n 'stedske' útstraling hie), neidat Irénke Meekma al by de minsken lâns west hat foar in ynterview yn it Frysk. Do hiest alles goed organisearre: der wie in fyts der't wy de omkriten fan Grou mei berikken koene en wy koene de wiken dat wy yn Fryslan wienen by dy útfanhuzje. Dat de gaskraan goed sletten wie at wy wer fuortgiene wie hiel wichtich, ik wit noch dat ik in kear hielendal weromfytst bin fan it station ôf omt ik der net wis fan wie at ik die kraan wol tichtdien hie.

Noch wat letter, waard it noch serieuzer, doe't Frits van der Kuip en ik tegearre útfierders fan it projekt waarden. Yn dy jierren haw ik dy fan ticht by meimakke en waardst do sa'n bytsje myn 'wittenskiplike mem': hiel seker en ynteger en altiten mei folsleine ynset fan dyn hiele wêzen. Dat hat foar my altiten in foarbyld west. Mar ik realisearre my ek dat ik dat sels nei alle gedachten net sa koe: altiten allinnich mar mei de wittenskip dwaande wêzen. Promoasje-ûndersyk nei oanlieding fan it projekt haw ik dan ek net mear dien, ek net omt de hiele statistyske kant dy't by sa'n taalkundich ûndersyk te sjen komt my net sa oanluts. Einliks wie myn letterkundige belangstelling dochs grutter dan myn taalkundige.

Nei't it projekt ôfrûne wie, kaam myn earste bern, gyng ik it ûnderwiis yn en rekken de wittenskip en de Frisistyk op 'e eftergrûn. Ik krige noch twa bern (dy't ik Fryske nammen joech) en wie drok mei húshâlding en wurk. Sa no en dan gyng de tillefoan om in ûre as tsien en dan wiest do it om ris te fernimmen hoe't it mei my wie. Dat wienen altiten noflike petearen, yn it Frysk fansels. Dat koe ik dan moai wer ris ophelje. At ik yn Fryslân wie, socht ik dy op. Ik fûn it spitich dat it dy net gund waard om ek de lêste jierren fan dyn libben sa wurksum te wêzen asto altiten west hiest. Mar ek dêr giest op dyn eigen wize mei om. Ek wie it spitich datst net selst mear belutsen wêze koest by de bondel fan dyn Halbertsma-artikels. Wat bliuwt is dat foar my Fryslân en it Frysk foar altiten mei dy ferbûn binne. En dat is in moaie gedachte.

Mei hertlike groetnis,

Els van der Geest